

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Matthijs de Vries
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Ferline wike is it Jierberjocht 2023 publisearre oer hoe't it mei de greidefûgels yn Fryslân giet.<sup>1</sup> Dêrút docht bliken dat it net goed giet en de negative trend net trochbrutsen wurdt. Hoewol't der mear aaien lein binne yn 2023, komme dy lang net altyd út en jonge pykjies hawwe it dreech om te oerlibjen.</p> <p>It belied fan de Provinsje Fryslân is om de negative trend om te bûgjen en mei in opgeande trend fan 30% te soargjen foar duorsume populaasjes. Der soene dan yn 2030 bygelyks wer 10.000 briedpearen fan de skries wêze moatte (yn 1990 wiene dat der noch 30.000 pear). Mei dat doel en troch de ynset fan in breed ferskaat oan maatregels hat de provinsje him foarnommen om ynhâld te jaan oan syn ynspanningsferplichting om de greidefûgels te beskermjen.<sup>2</sup></p>
Fraach / fragen	<p>Yn it bestjoersakkoart <i>Oparbeidzje foar Fryslân</i><sup>3</sup> stiet dat it kolleezje him ynset om de wetlike en fêststelde doelen te heljen en stimulearret dat der mear greidefûgels komme.</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat de sifers op 'e nij sjen litte dat in toskje by moat? En dat dêrby nei alle faktoaren sjoen wurde moat, dus sawol nei predatoaren, as nei de ynrjochting fan it lân en de wize fan wurkjen op de lânbougrûn?</li> <li>2. Yn novimber 2021 hawwe ferskate partijen har ferbûn oan it <i>Ofsprakenramt Greidefûgels Fryslân</i> om ynhâld te jaan oan de soarchplicht foar ikker- en greidefûgels dy't fêstlein is yn de wet- en regeljouwing.<sup>4</sup> Hat it kolleezje konkrete oanwizingen dat it <i>Ofsprakenramt</i> der ta laat hat dat der minder fûgels of pykjies deade binne of dat minder nêsten en/of aaien fernield binne? Is it kolleezje fan doel en doch in evaluaasje fan it <i>Ofsprakenramt</i> en as dat it gefal is, wannear kin Provinsjale Steaten dy evaluaasje temjitte sjen?</li> <li>3. It is noch net sa maklik om yn it fjild te sjen wêr't nêsten lizze en pykjies omrinne. Is it kolleezje it mei de FNP <sup>5</sup>iens dat it goed wêze soe dat wa't oan greidefûgelbehear docht en dêr subysdzje foar kriget oanbean wurdt om in kursus te folgjen oer hoe't hja it bêste de greidefûgels beskermje kinne?</li> </ol>

<sup>1</sup> Weidevogels in Fryslân – Jaarbericht 2023; Sjoch ek: Omrop Fryslân, 'Aaien fan greidefûgels komme lang net altyd út, pykjies ha it dreech', 27 oktober 2023;

<sup>2</sup> Nota Weidevogels 2021-2030, Provinsje Fryslân, oktober 2021;

<sup>3</sup> Oparbeidzje foar Fryslân – Bestjoersakkoart 2023-2027, p. 11;

<sup>4</sup> Afsprakenkader weidevogels Fryslân, ondertekend door LTO Noord, NMV, NAW, FG, FDF, FBBF en Kollektivenberied Fryslân, 8 novimber 2021;

<sup>5</sup> Ferkiezingsprogramma FNP 2023-2027: Sa dogge wy dat hjir! De Fryske oanpak foar in bettere takomst;

	<p>Om te stimulearjen dat der mear greidefûgels komme fiert it kolleezje û.o. it Oanfalsplan Skries<sup>6</sup> út. Hjirfoar is earder in bedrach beskikber steld troch de minister, mar der is op de lange doer folle mear nedich, ynklusyf de mooglikheid om boeren mear wissigens te jaan mei langere behearsoerienkomsten as de besteande mei in rintiid fan 6 jier.</p> <p>Dêrneist is it budzjet foar de besteande subsydzjeregeling foar it agrarysk natuerbehear (ANLb) lytser as de fraach. Op it stuit is mar foar 6% fan de kultuergrûn yn Nederlân ANLb-jild beskikber. Neffens it Planburo voor de Leefomgeving<sup>7</sup> is om de Europeeske doelen te heljen folle mear nedich, neffens in ûndersyk fan de WUR en SOVON soe yn hiel Nederlân goed 700.000 hektare nedich wêze, dat is sân kear safolle as no.</p> <p>Yn it Frysk Programma Landelijk Gebied (FPLG)<sup>8</sup> wurdt in bedrach opfierd fan 425 miljoen euro dat nedich is foar de greidefûgels yn de perioade 2024-2035. Yn de reaksje fan it Ministearje fan LNV<sup>9</sup> op it FPLG docht bliken dat neffens LNV de greidefûgeloanpak mei finansiert wurde kin út de middelen fan it Transysjefûns.</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>4. Binne neffens it kolleezje de ferhâldingen dy't WUR/SOVON yn harren ûndersyk besiferje (1:7) ek fan tapassing foar Fryslân? Kin it kolleezje dat ûnderbouwe?</li> <li>5. Yn de Twadde Keamer is yn oktober in moasje oannaam dy frege om in strukturele oplossing foar (û.o.) it Oanfalsplan Skries.<sup>10</sup> Wat is neffens it kolleezje nedich foar de duorsume finansiering fan it Oanfalsplan?</li> <li>6. Yn it bestjoerakkoart stiet dat wy der foar soargje dat fergoedingen foar behear en natuerdoelen (lykas ANLb) oantreklik binne om oan mei te dwaan. Hoe kin de Fryske ynset foar de greidefûgels bekostige wurde, sadat der in situaasje ûntstiet dat de greidefûgels wer nei in gunstige steat ta groeie kinne? Hokker jildstreamen binne dêr foar beskikber en hoe wis is it dat dy op ridlik koarte termyn ynset wurde kinne?</li> </ol>
--	---

Yntsjinner(s)	FNP, Tjitte Hemstra
---------------	---------------------

Datum	3 novimber 2023
-------	-----------------

<sup>6</sup> Aanvalsplan Grutto – Een initiatief van Pieter Winsemius en Ferd Crone, It Fryske Gea, de Friese Milieu Federatie en Vogelbescherming Nederland, 12 novimber 2020;

<sup>7</sup> Reflectie op 'In Beweging'- concept Landbouwakkoord 2040, 2 juny 2023, en dêryn oanfelle: Benodigde oppervlakte extra natuer voor de Natura 2000-doelen – Quick scan in het kader van het NPLG, Wageningen Environmental Research en SOVON Vogelonderzoek Nederland, 30 septimber 2022;

<sup>8</sup> Frysk Programma Landelijk Gebied, ferzje 2.0 (konsept), p. 60;

<sup>9</sup> Keamerbrief Ministearje fan LNV, 'Voortgang provinciale gebiedsprogramma's en eerste maatregelenpakketten in het kader van het NPLG', 24 oktober 2023, en brief Ministearje fan LNV oan it kolleezje fan DS fan Fryslân, 'Terugkoppeling tussentijds beeld met bevindingen uit de integrale beoordeling van uw gebiedsprogramma en eerste maatregelenpakketten, 24 oktober 2023;

<sup>10</sup> *Kamerstukken II, 2023-24, 36 410 XIV, nr. 10;*